

To skûtsjesilen

mei it

âlde Grouster fearskip

troch L. Broksma



Grou – Firma van der Spoel en Co.

To skûtsjesilen  
mei it  
âlde Grouster fearskip

troch L. Brofsma

„Frisia” – oerprintingen II – 1966

Utjefte: printerij „Friso” – Firma van der Spoel en Co. – Grou



(foto I. Wouda, Snits)

*It „Dorp Grouw” yn 1899 op in simmermoarn.*

*It skip draeit de Houke Sleat yn.*

*Foare Sytze de Jong, midden Mindert Peekema, efter Wiebe Peekema.*

It sil to Grou wol min ofte mear bikend wêze, dat der yn earder jierren in Grouster skip west hat, dat by it skûtsjesilen safolle prizen woun, dat it op 't lêst net mear meisile mocht. De bitûfe skippers dy't mei dat skip sylden, wiene Peekema's. Sa foar en nei ha wy wolris oer de prizen dy't dit skip helle hat, skreaun, mar troch sneupen fan Wiebe Peekema en Teake Hoekema is der noch it ien en 't oar foar 't Ijocht kommen, hwêrby ek noch in pear nijsgjirrige foto's, dy't ek nedich yn de krante moasten, tocht ús. Fan 't iene komt it oare en doe't wy Peekema nei syn komôf fregen, kaem er mei in kompleet boekje foar it Ijocht dat h jitte fan „Het Friese Geslacht Peekema”, gearstald en útjown fan vrou L. N. A. van Hiele-Pekema, yn 1949. Neijerhân is der noch mear oer dit geslacht skreaun en sa is it bewiis der dan nou dat de Peekema's, oft se har nou mei ien of mei twa e's skriuwe, ôfstamme fan it geslacht fan de Pecama's dy't út Lemsterlân komme. Har wapen wie in ikel mei dêrûnder in klaverblêd, op in grien fjild. Yn it bigjin fan de achttjinde ieu wennen hja op 'e Jouwer. In Jelle Wybes Peekema is dêr „grootschipper”. Syn soan Wybe Jelles Pekema hat de beurt fan de Jouwer op Ljouwert. Dy syn twadde soan wie Mindert Wybes Peekema, dy't hast as iennichste de namme mei twa e's skriuwt. Hy troude yn 1811 mei Hiltje Jacobs Nijdam en nei har forstjerren yn 1817 mei Geertje Gosliks Lykles. Hy is letter boer op 'e Jirnsumersyl.

It trouwen fan Mindert Peekema mei syn Geartsje is net sa flot gien. De famylje Lykles wie Mennist en ek stiif Mennist. Mindert Peekema wie in man fan jeiven en hurdsilen. Mar al hoe't de âlden har forsetten, it trouwen is trochgien en it houlik hat grif goed west. De âldste soan, in Wybe Minderts, is berne op 19 augustus 1820. Hy hat earst boer west yn it Höflân to Grou op 'e pleats dêr't nou Jeen Nauta wennet. Oan de kant fan de Wergeasterfeart, dêr't de pleats fuort by stiet, hat noch lang in mole stien dy't noch de namme Peekema's mole hie. Yn 1928 is er ôfbrutsen.

Letter hat er de buorkery oerjown en is beurtskipper op Snits en Ljouwert wurden, hwat it bigjin wie fan in tradysje dy't oant yn ús dagen bistien hat; letter is de auto foar 't skip yn 't plak kommen. Dizze Wybe troude mei Tjitske Jentjes Breeuwsma. Hja kriegen 5 bern hwerfan 't de jongste, Mindert Wybes, de beurt fan syn heit oernimt. Mindert is fan 1858, hy trout yn 1881 mei Janke Binnerts



Wybe Minderts Peekema Sr (1820-1892)

Haites. De âldste soan is dan Wiebe Minderts Peekema, berne 8 maeije 1882, troud mei Aaltje M. Bouma. Sa as bikend hat Wiebe Peekema ek de beurt hawn en wol fan 1910 ôf oant 1946.

De skriuwster fan it boekje oer it geslacht Peekema seit yn 't algemien fan de Peekema's, dat hja tige rjuchtop rinne en de gewoante hawwe om elk rjucht oan to sjen. Sels inkelde fan de âldste leden sille noch noait mei de râch tsjin it stoelbekling oan sitte. Geastlik hawwe hja in sterk fielen foar it rjocht, hwat hja ek ta utering bringe.

Der soe oer it boekje wol mear to skriuwen wêze, hwant de Peekema's binne mei hiel hwat Grouster famyljes bisibbe. Jellema, Huisman, Nijdam, Leen, Dorhout en mear bikende nammen steane deryn.

Men lêst fan Peekema's út de oare stagen dy't ta hege biroppen komme, oaren brochten de boel dertroch en komme ta earmoede. In hiele trageedzje stiet soms yn inkelde wurden biskreaun.

Wy komme dan nou op Wybe Minderts Peekema, berne 19 aug. 1820 op Jirnsumersyl en stoarn 6 april 1892 to Wurdum. Dy Wybe hat in apart man west. Op 'e foto, dy't wy hjerby ôfprintsje, kin men wol sjen dat it in gewante keardel wie. Hy woech in twahûndertfytich poun en wie ûnwitend sterk. Dat kaem him yn syn birop fan beurtskipper wol fan pas. As er moal sjoude, hie er ûnder elke earm ien sek en naem dan ek noch yn elke hân in sek mei. Dat wiene dan sekken fan hûndert poun. Yn Warten, dêr't er doe de priis mei it silen woun hie, krigen hja hwat spul mei konkurrenten. Doe't se út de herberge wei wer nei it skip tarounen, waerden hja ynsletten. „Rêd jim jim mar mei dy't foarrinne”, sei Peekema, „ik nim de eftersten wol”. Der roun in hage by de dyk lâns en dêr smiet er seis man oerhinne.

Sa as mear mei sterke mannen, wie er guodlik fan aerd, faeks to goed. Fan hûs út in ryk man, dy't foar syn erfpoarsje in sechs-tichtûzen goune meikrige, moast er oan 'e ein fan syn libben stipe wurde. Hy stie bikend as in man dy't net né sizze koe as men him jild to lien frege en dy't it de minsken ek net werom doarst to freegjen. Dêr is doe ek wol misbrûk fan makke. Tige typearjend foar him is ek hwat syn pakesizzer Wiebe Peekema my fortelde. As syn bern yn 'e hûs oangiene en spul makken, gie de heit yn 'e kelder, hwat de bern sa forskriklik founen, dat se bigounen to

gulen en to jammerjen dat er mar wer út de kelder omheech kaem. Hy hat dos wol hwat psychologysk ynsjoch hawn.  
Wurdt syn heit as in echte sylder en jager biskreaun, de soan hie dêr ek wol nocht oan. Yn de âlde seilmakkersboeken fan S. Molenaar stiet in hiele rige fan tugen út de tiid doe't Wybe noch boer of „huisman”, sa't er yn it boek neamd wurdt, wie:

Tuigen, gemaakt voor Wiebe Peekema, huisman onder Grouw:  
1857 Nieuw bootzeil, eerder een fok.  
1858 November. Boottuigzeil 71 el 3/4 el breed.  
1861 Nieuwe fok op zijn boot.  
1862 Nieuw zeil, fok en middelfok.  
1863 Nog een nieuw groter tuig.  
Zeil en fok op nieuwe boot, maar tussen bout en hommerts 31 voet. Zeil 83 el, fok 43 el 3/4 els met blinde naden.  
1864 Een nieuwe fok.  
1867 Nieuw tuig op zijn boot.  
1872 Nieuw tuig op zijn jacht.

Fan de prizen, dy't er foar 1873 woun hat, is noch ien biwarre, de pendule, dy't er neffens de oerlevering op Aldskou woun hat. Yn 1873 wurdt er dan beurtskipper en bistelt meiïens in njí tûch:

1873 Nieuw tuig op zijn veerschip. Zeil 220 7/8 el, 3/4 els doek. Fok 90 1/4de el. Zeil: voor 9.80 meter; onder 7.65 meter; boven 2.65 meter. Fok: voor 10.65 meter; achter 9.80 meter; onder 4.30 meter.

Mei dit tûch en fansels mei it skip dat der by hearde, hat de namme Peekema bikendheit krike yn de silerswrâld. It skip woun hast oeral de priis en waerd sels op't lêst útsluten „wegens meerdere bekwaamheid”.

It skip is makke yn 1861 by Eeltsje Holtrop van der Zee — „Eeltsjebaes” — op 'e Jouwer. Earste eigner wie Gerben Zuidema, de namme fan it skip is „Ebelina”. Twadde eigner is Jochem Jentsjes Zuidema, bûter- en tsiiskeapman. It foer tiisdeis op Snits en freeds op Ljouwert. Tredde eigner wie Jacob de Groot. Fjirde eigner wurdt Wybe Peekema Sr. Dy bigjint mei it skip to hûrsilen.

Joege Stok is syn stjurman. De namme fan it skip is „Dorp Grouw”. It hie mear fan in boeijer, de boaijem wie net flak mar roun. It moat 40 foet (12 meter) lang west hawwe.



3e fan achteren is it Grouster fearskip (27-8-1905)

### In offysjeel stik.

„Volgens meetbrief dd 16 Juli 1861, aangegeven in de provinciale Directie Leeuwarden, district Leeuwarden, Gemeente Grouw n: 46 en ondertekend door den Scheepsmeter H. Voskuil is het overdekt veerschip genaamd Ebelina, liggende te

Leeuwarden, en in eigendom toebehoorende aan en gebruikt wordende door Gerben J. Zuidema, gemeten op 6 el 75 duim lengte, 2 el 33 duim wijdte en 1 el 17 duim holte en geijkt op 18 tonnen, onder het jaarnummer 46. De merken zijn gesteld op de plecht in de stuurstoel en de meting is geschied zonder zetboorden.

In Mei 1862 werden, ieder voor 1/3 deel mede-eigenaar A. P. v. d. Velde en P. Boltjes te Grouw.

1 Juli 1871 ging het in eigendom over aan Jogchum Jentjes Zuidema te Grouw.

3 Maart 1873 werd bij publieke verkoop eigenaar Wybe Peekema zonder beroep te Grouw, die het schip den naam gaf van Dorp Grouw en het bij koopcontract dd 27 Febr. 1877 overdroeg aan Goslik Minderts Peekema koopman te Poppingawier."

earste priis, by „Frisia” yn 1873 de earste, en yn 1874 de twadde. Yn 1880 waerd it skip by „Frisia” útsletten „wegen meerdere bekwaamheid”, mar yn 1886 wurdt op ‘e gearnkomste fan „Frisia” bisletten om net wer skippers bûten to sluten.

Yn 1880 bigjint de soan fan Wybe, Mindert Peekema, ek mei to hurdsilen, wylst yn 1902 Wybe Peekema Jr. syn earste priis woun.



Mindert Peekema (1858-1900)

By it hurdsilen moast men it fan hurde wyn ha, dan wie it skip in klasse apart. It is to Harns bard, dat it tweintich minuten earder binnen wie as de twadde. Waeide it lykwols minder hurd, dan moast men mei in biskiedener plak tofreden wêze. It skip hat, foarsafier ‘t men neigean kin, fiifenvjirtich kear in priis woun, t.w. tweintich kear by „Oostergoo”, sechstjin kear by „Frisia”, sawn kear to Snits, ien kear to Harns en ien kear op ‘e Lemmer. It hurdsilen fan de beurt- en frachtskippers is ûntstien út de boomwedstriden dy’t bygelyks de sylforiening „Oostergoo” op har programma hie. De skippers dy’t dêr yn 1849 oan meidienen, fregeen it bistjûr fan „Oostergoo” oft hja ek om jild hurdsile mochten, hwat tastien waerd. Dat wie op Skûlenboarch, dêr’t „Oostergoo” wol mear hurdsylde. De bineaming fan de skippen wie doe noch „Schepen van de eerste rang” en „Schepen van de tweede rang”. Fan doe ôf oan wiene de fearskippen in fêst nûmer by it hurdsilen fan „Oostergoo” en ek fan „Frisia”.

Wybe Peekema Sr. woun by „Oostergoo” yn 1874 en 1875 de

Yn 1909 is it skip forkoft aan Zandstra fan Berkeap, dy forkoft it wer oan Anne van Wijngaarden te Grou, dy’t der in soarte fan boeijer fan makke hat en it wyt opferve. Letter is it forkoft oan in Spaanstra fan Ljouwert, dy’t it ynrjochte as blommeskip. Sont hat in Zijlstra fan Snits it as boeijer hawn, dy’t er letter nei Hollân forkoft. Yn ‘e oarloch hat dy nochris te Grou lein; Peekema hat noch mei de nije eigner praten.

Wy ha in oproep yn ‘e „Waterkampioen” hawn foar it skip, as it noch yn wézen is, mar dat hat gjin risseltaet hawn.

Bihalve yn offisjele wedstriden waerd der ek únderling noch wolris hurdsyld. Sa is der yn de tiid fan de útsluting hurdsyld tusken Boorsma fan Wergea, it greaterre búterskip fan De Vries, en it „Dorp Grouw” om 80, 60 en 30 goune. It „Dorp Grouw” woun it fier.

Yn 1898 by it 50-jierrick bistean fan „Oostergoo” woun it „Dorp Grouw” de doe wol hiel rejale priis fan hûndert goune. It wie doe pûr stoarmwaer en forskate dielnimmers holden op. De stjurman Mindert Peekema hie in iepene side fan it hâlden en kearen fan it roer en de fokkenist Sytse Hans de Jong syn hinnen wiene spekipepen. Wiebe Peekema (16 jier) die hjir foar it earst oan mei.



*Wiebe Peekema Jr. (berne 1882)*

Hja passearden doe by 't lavearjen yn 'e Tynje yn 'e earste route al fiif skippen!

De route to Grou wie foarhinne: fan it nûmer yn de rjochte Grou, tonne Janssleat, tonne Sitebuorren, tonne Biggemar, tonne nije houtmole (by it búterfabryk). De lêste route gie oan de spoarbrêge ta. Doe't der noch gjin spoar wie, lei de tonne by it Swin. Yn 1910 koft W. Peekema in izeren „Dorp Grouw”, ek wer fan 'e Jouwer. It skip wie 24 ton en is yn 1920 forkoft doe't de motor kaem. Dat skip docht nou noch tsjinst to Sâltkamp as ZK 37.

### **Wedstriden Sylforiening Oostergoo Grou.**

- a. Prizen W. Peekema oant en mei 1869:  
25 july 1868 Boaten fan 4 jellen 8 palm oant 5 jellen 4 palm: preemje;
- 31 july 1869 Boaten boppe 4.8 m oant 5.4 m:  
1. pr. sulveren tabakspot en komfoar;
- b. Prizen fan 't Grouster fearskip:  
31 july 1869 Jan Zuidema 1. pr. sulveren soeskoer;  
1 aug. 1874 W. M. Peekema 1. pr. sulveren kofjekanne mei únderstel;  
31 july 1875 W. M. Peekema 1. pr. sulveren breakoer;  
28 july 1877 W. M. Peekema 1. pr. sulveren trekpot mei komfoar;  
31 july 1880 M. W. Peekema 1. pr. f 130,—;  
29 july 1882 M. W. Peekema 1. pr. f 50,—;  
6 aug. 1884 8 meidoggers mei útsluting fan it Grouster fearskip;  
1 aug. 1885 M. W. Peekema 1. pr. f 10,—;  
(31 july 1886 — 10 aug. 1889 — 16 aug. 1890 — 1 aug. 1891 — 13 aug. 1892 — 29 july 1893: alle kearen M. W. Peekema 1. pr. f 50,—);  
31 july 1898 (50-jierrick bistean): M. W. Peekema 1. pr. f 100,— (12 meidoggers);  
18 aug. 1900 M. W. Peekema 1. pr.;  
6 july 1902 W. M. Peekema 1. preemje;  
12 july 1903 W. M. Peekema 2. pr.;  
27 aug. 1905 W. M. Peekema 4. pr.;  
12 july 1908 W. M. Peekema 3. pr.;  
11 july 1909 W. M. Peekema 3. pr. f 10.—.

### **Prizen Grouster fearskip op wedstriden Sylforiening Frisia Grou.**

- 17.8.1873 W. M. Peekema 1. pr.
- 16.9.1874 W. M. Peekema 2. pr.
- 15.9.1875 W. M. Peekema 2. pr.

17.9.1879 W. M. Peekema 2. pr.  
26.8.1885 M. W. Peekema 2. pr.  
25.8.1886 M. W. Peekema 3. pr.  
19.9.1888 M. W. Peekema 3. pr.  
17.9.1890 M. W. Peekema 2. pr. f 20,—  
16.9.1891 M. W. Peekema 4. pr. f 10,—  
20.9.1893 M. W. Peekema 1. pr. f 40,—  
19.9.1894 M. W. Peekema 1. pr. f 30,—  
18.9.1895 M. W. Peekema 2. pr. f 20,—  
14.9.1898 M. W. Peekema 1. pr. f 40,—  
19.9.1900 M. W. Peekema 2. pr. f 10,—  
16.9.1903 W. M. Peekema 3. pr. f 10,—  
14.9.1904 W. M. Peekema 2. pr. f 20,—

**Prizen Grouster fearskip to Snits  
(plus 1 kear Harns en 1 kear op 'e Lemmer).**

19.8.1874 1. W. M. Peekema Sr. In bryfke fan f 100,—.  
7.7.1875 (Harns) 1. W. M. Peekema Sr. f 75,—.  
18.8.1875 (7 md.) 1. W. M. Peekema Sr. 10 gouden willemkes.  
15.8.1877 3. W. M. Peekema Sr. f 5,—.  
20.8.1879 1. W. M. Peekema Sr. f 50,—.  
22.8.1883 1. M. W. Peekema f 50,— en in gled anker.  
20.8.1890 2. M. W. Peekema f 20,—.  
17.8.1892 2. M. W. Peekema f 15,— plus manille seilskoat.  
5.8.1909 (De Lemmer) W. M. Peekema Jr. wint de tredde priis.

